

Research Review Fryske Akademy 2020-2023

Gearfetting

De Fryske Akademy, mei in op 'e nij formulearre misje rjochte op it útfieren, dielen en fasilitearjen fan wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske kasus út in ynternasjonaal en multydisziplinêr perspektyf wei, hat wichtige stappen set yn har strategyske oanpak. De fjouwer pylders fan har strategy - profilearring, akwisyasje, gearwurking en organisatoaryske ûntwikkelings - fertsjinje lof en hawwe positive effekten sjen litten, nettsjinsteande de ambisjeuze opset fan it plan foar in lytse organisaasje. Dat de klam net allinnich leit op it dwaan fan ûndersyk, mar ek op it dielen en fasilitearjen fan wittenskiplike ynspannings, sa't bliken docht út in grut tal oan digitale helpmiddels en databases dy't beskikber binne, stiet de Fryske Akademy te priizgjen.

De kwaliteit fan it ûndersyk fan de organisaasje hat yndruk makke op de kommisje, benammen de ynspanningen om ynterne gearwurking tusken disciplines te befoarderjen. De Fryske Akademy rjochte him fanâlds op taalkunde en skiednis, mar de útwreiding nei nije ûndersyksgebieten lykas lânskip en literatuer lit sjen dat de organisaasje ynspilet op maatskiplike winsken en wittenskiplike easken. Dy nije ambysjes easkje mear eksterne finansiering.

De gearwurking mei oare ynstellings dy't harren dwaande hâlde mei Fryske ûnderwerpen is bot tanommen, wêrtroch't de sichtberens fan it ynstitút sawol regionaal as ynternasjonaal fergrutte is. Der is lykwols romte foar in bettere yntegraasje fan Mercator yn de aktiviteiten fan de ynstelling. De strategy om ûndersikers as dieltiidheechlearaar oan Nederlânske universiteiten te pleatsen liket tige effektyf en soe útwreide wurde moatte om mear mooglikheden foar gearwurking en talintûntwikkeling te stimulearjen.

De maatskiplike relevânsje fan de Fryske Akademy docht bliken út al dy (digitale) projekten rjochte op maatskiplike groepen en de belutsenens by ûnderwiisaktiviteiten. De krimpende wurkgroepen ûnderstreekje it ferlet fan alternative strategyen om it publyk te belûken, lykas ko-kreaasje en *citizen science* of boargerwittenskip.

Op it mêd fan libbensfetberens profitearret de organisaasje fan sterk liederskip, loyaliteit fan meiwurkers en in ferbettere gemiddelde leeftyd fan meiwurkers, wat soarget foar stabiliteit yn ûndersyksstrategyen. It is te hoopjen dat de nij ûntwikkele akwisyjestrategy helpe sil by it oanpakken fan útdagings by it krijen fan eksterne ûndersyksfinansiering. De kommisje advisearret om net tefolle klam te lizzen op persoanlike subsydzjes en pleitet foar in gruttere fokus op it krijen fan gruttere programmasubsydzjes troch gebrûk te meitsjen fan de digitale produkten fan de ynstelling.

De ynset fan de Fryske Akademy foar iepen wittenskip, sa't bliken docht út de ûntwikkeling fan *open source* software en *open access* publikaasjes, is tige loflik. Dêrneist befoarderet de akademyske kultuer iepenheid, feilichheid en ynklusiviteit, hoewol't der romte is foar ferbettering fan de oerlisstruktuer tusken junior en senior persoanen en it ymplementearjen fan in erkennings- en beanningsplan.

Wat it personielsbelied oanbelanget, binne der dúdlike ynspanningen levere om it ferskaat te fergrutsjen, benammen op it mêd fan genderfertsjintwurdiging, mar der is noch hieltyd ferlet fan in mear eksplisite strategy om ferskaat yn alle aspekten te stypjen. Fierder soe it fasilitearjen fan in PhD-mienskip binnen de organisaasje de promoasje-ûnderfining en kennisútwikseling ferbetterje kinne.

Konkludearjend kin steld wurde dat de Fryske Akademy yndrukwekkend sterke prestaasjes levere hat op ferskate mêden, wêrûnder ûndersykskwaliteit, maatskiplike relevânsje en akademyske kultuer. De kommisje hat in tal gebieten opmurken dêr't romte is foar fierdere ferbettering, wêrûnder it winnen fan finansiering, ynterdissiplinêre gearwurking en ferskaat. De kommisje befellet oan om aktyf strategyen te ûntwikkeljen om dy kwestjes oan te pakken, sadat de ynstelling yn de foarhoede fan de frisistyk bliuwt.

Prof. dr. P.C. (Kees) Hengeveld (foarsitter)
2024